



# Fryske les by de wetterkant

Al in oantal jierren is Spoar 8 dé metoade foar it fak Frysk op de basisskoalle. Sûnt skoaljier 2022-2023 kinne skoallen de metoade sels folslein fergees oanfreegje. In soad skoallen hawwe fan dy mooglikheid gebrûk makke. Om Frysk mei Spoar 8 in ympuls te jaan, biede Afûk en Cedin de skoalle begelieding oan. It doel is dat learkrêften harren bewust wurde fan de taal op skoalle en yn de klasse en mei each foar taal lesjaan kinne.

Skoallen kinne mei Spoar 8 ienfâldich wurkje oan harren ambysjes foar it Frysk en yn it Frysk ek wurkje oan oare fakken lykas muzyk, skiednis, natuerûnderwiis en noch folle mear.

Skoallen kinne bygelyks oan 'e slach mei de 'Sleatsjedagen'. Dy wurde fan 5 o/m 11 juny troch IVN-Natuureducatie organisearre troch hiel Nederlân. Jong en âld kinne sels op ûndersyk út by de wetterkant. Yn gearwurking mei de Afûk is dêrby foar groep 5 o/m 8 in spannende Taalaktiviteit yn Spoar 8 makke. Learlingen ûntdekke wat der allegear yn en om de sleat libbet, groeit en bloeit en hoe't de bisten en plantsjes yn it **Frysk** hjitte.

Mear ynformaasje oer de Sleatsjedagen? [ivn.nl/aanbod/slootjesdagen/](http://ivn.nl/aanbod/slootjesdagen/)  
Mear ynformaasje oer Spoar 8? [spoar8.frl](http://spoar8.frl) en [www.taalplan.frl](http://www.taalplan.frl)

# Heitedei

Op snein 18 juny is it wer heitedei. Lit ús op dy dei alle heiten, bonusheiten, skoanheiten, pleechheiten, styfheiten en elkenien dy't heit wurdt óf as heit fielt ekstra yn it sintsje sette!

## Tip!

Wolst wat foar jim heit nifelje? Sjoch dan ris op de website of Pinterest side fan Tomke. Spesjale gedichtsjes en 'printables' foar heitedei fynst op de website fan heit&mem.

Lit him witte dat hy de alderleafste is, want dat fertsjinnet er! Wy hawwe de moaiste Heitedei-kadotips op in rychje set. Besjoch se yn ús websjop.


In moaie heitedei tawinske!

En dat dochst fansels yn de taal fan dyn hert! De Afûk Fryske boek- en kadowinkel hat in grut ferskaat oan moaie Fryske kado's yn it assortimint. Miskien is in nijsgjirrich Frysk boek wol wat foar dyn heit. Of, foar de heit mei lytse bern, in skattich foarlêsboek? Of bist dochts op syk nei wat oars? Wy ferkeapje ek in hiel soad oare leuke kado's dêr't heit grif hiel bliid fan wurdt! Wolst it lyts hâlde, of dyn kado ekstra moai meitsje: in leaf kaartsje of in boekelizzer foar heit docht it ek altyd goed.



- heit is myn held -

Doch in boek kado!




[websjop.afuk.frl](http://websjop.afuk.frl)



# Pinkeltsje yn Fryslân

"Wy wane ús echt yn 'e wrâld fan de pinkels en wy begripe hoe't it foar harren wêze moat yn de grutteminskewrâld. Wy ha de grutste wille mei it neidwaan fan de non-ferbale reaksjes fan de pinkels. Al mei al in hiel leuk boek om foar te lêzen en echt in boek dêr't je jierren mei foarút kinne!"



Studio Dick Laan  
Oersetter: Ysje Steen  
€ 13,99

Tietsje Vonk – Readsjerk  
Mem fan Nynke (5) en Joute (2)

# Blinder of Blunder

- Wat is de betsjutting fan 'harsenskrabje'?  
A. hersenschudding  
B. raar doen  
C. ruzie maken
- Dat sette my oan it ...!  
A. tinke  
B. tinken
- Wat is de goede skriuwwize?  
A. ferstandich  
B. ferstâlich  
C. ferstannich
- Geef of net geef:  
'Dat wie in ôfgrysluk slimme som.'  
A. geef  
B. net geef

Antwurden: 1. C | 2. B | 3. C | 4. A

# Oant sjen yn ús winkel

**ADRES**  
Bûterhoeke 3  
Ljouwert  
(058) 234 30 70  
[ynfo@afuk.frl](mailto:ynfo@afuk.frl)  
[www.afuk.frl](http://www.afuk.frl)

**IEPENINGSTIDEN**  
Moandei  
13.00 - 17.30 oere  
Tiisdei o/m freed  
09.30 - 17.30 oere  
Sneon  
10.30 - 17.00 oere

/stichtingafuk  
 /StichtingAfuk



Foar dizze en oare boeketips, sjoch op [websjop.afuk.frl](http://websjop.afuk.frl), of scan de QR-koade.

# Boeketip 5



**1** Witst wol hoe mâl ik mei dy bin?

Sam McBratney  
€ 14,95

Soms wolst dúdlik meitsje hoe grut dyn gefoelens binne. Lytse Ljochtbrune Hazze en Grutte Ljochtbrune Hazze krije yn 'e gaten dat it net maklik is om te mjitten hoefolle ast fan ien hâldst!



**2** Op naar Terschelling!

Pieter Breuker  
€ 35,00

Dit boek befettet in skat oan nije, ek kultuerhistoaryske, ynformaasje oer de ûntwikkeling fan it toerisme op Skylge. Dêrfoar krúpte de skriuwer yn de hûd fan avonturiers, badgasten, toeristen én Skylgers.



**3** Wêr is Keimpe?

Gelske Bosch en Lisa Hiemstra  
€ 16,95

In prachtich sjoch-, lear- en fertelboek. Keimpe de Krokodil hat him op alle platen ferstoppe, kinste 'm fine? Mei in soad wurden om 20 ferskillende tema's hinne, yn trije talen: Frysk, Nederlânsk en Ingelsk.



**4** Wês wiis mei nuvere houtjes

Meindert Bylsma  
€ 19,50

In bondeling fan aparte ferhalen mei nuveraardige útkomsten. Bylsma neamt se kremearkes, kre(k)tmearkes. Dêrmei eigenet er him ta wat mearkes eigen is: frijheid. Alles kin en alles is wier, oeral en altyd.



**5** Fuortsjefinne: fragminten

André Looijenga  
€ 15,00

Fuortsjefinne: fragminten is in samling fan 44 gedichten. In part dêrfan hat earder publisearre west yn it Frysk literêr tydskrift Ensafh of op de webside fan it Frysk Dichterskollektief Rixt.